

MOASJE

Yn te foljen troch de griffier

Yntsjinner: Wiebo de Vries, ChristenUnie Mei-yntsjinner(s): Hetty Janssen, PvdA Jochem Knol, GriemLinks Theun Wiersma, 50PLUS Maarten Goudzwaard, FvD Wopke Veenstra, FNP <i>Attje Peelmans, CDA</i>	Moasje nr.	11
	Paraaf	
	Wurklistpunt	g
	Beslút	oannommen

MOASJE, ex artikel 30 Reglement van orde

Steategearkomste	22 januari 2020
Wurklistpunt	Maatskiplike Kosten/Batenanalyse (MKBA) Fryske feangreidegebiet.
Koarte titel fan de moasje	Ekspertize sintralisearre

De Steaten, yn gearkomste byien op 22 januari 2020 heard hawwende de rieplaching;

konstatearjende dat

- de winsk fan de brûkers fan it feangriedegebiet is dat der dúdlikens jûn wurdt as it om harren takomst giet;
- der noch in protte ûndúdlikens is oer takomstige fertsjinmodellen;
- gebietskommisjes no al in soad kennis ynbringe;
- de takomst bout wurdt op de ûnderfiningen út it ferline;

oerwaagjend dat

- bioferskaet, ynnovaasjes, grûngebrúk, lânskip en wetterbehear in wichtige rol spylje no en yn 'e takomst;
- de ûnderfiningen en ekspertize boarge wurde moatte en tagonklik makke wurde moatte foar alle brûkers;
- it wichtich is alle belanghawwenden, sawol de yndividuele boer as de natuerorganisaasjes en de bewenners en gemeenten mei te nimmen yn de fjirdere ûntwikkelingen;
- maatwurkplannen yn it feangreidegebiet goed te meitsjen binne as der foldwaande ekspertize dield wurdt;

fersykje it kolleezje fan Deputearre Steaten

der foar te soarchjen dat de opdiene ekspertize yn de kansryke gebieten en yn de pilots sintraal boarge wurdt.

en gean oer ta de oarder fan de dei

Yntsjinner(s)	ChristenUnie, Wiebo de Vries Partij van de Arbeid, Hetty Janssen GriemLinks, Jochem Knol 50PLUS, Theun Wiersma Forum voor Democratie, Maarten Goudzwaard FNP, Wopke Veenstra
---------------	---

CDA, Attje Peelmans

MOASJE